



# Ferkiezings Europeesk Parlemint

6 juny 2024

Op tongersdei 6 juny binne de ferkiezings foar it Europeesk Parlemint. Troch te stimmen bepale jo mei wa't de kommende 5 jier lid wurdt fan it Europeesk Parlemint. Troch te stimmen by de ferkiezings foar it Europeesk Parlemint hawwe jo ynfloed op de besluten fan it Europeesk Parlemint.

## Wat hawwe jo nedich om te stimmen?



**Jo stimpas:** jo krije dizze uterlik tongersdei 23 maaie 2023 thús.



**Jo identiteitsbewiis:** dit kin in paspoart, identiteitskaart of rydbewiis wêze. Dit identiteitsbewiis mei maksimaal 5 jier ferrûn wêze.

### Stimpas kwyt of skansearre?

Nim kontakt op mei jo gemeente en freegje in nije stimpas oan. Dit kin skriftlik oant en mei moandei 3 juny 2024, of oan de baalje fan it gemeentehûs oant woansdei 5 juny 2024, 12.00 oere.



## Wêr kinne jo stimme?

Om in stimlokaal yn 'e buert te finen, sjoch op de website fan de gemeente of op [waarismijnstemlokaal.nl](http://waarismijnstemlokaal.nl). Koart foar de ferkiezings krije jo ek in oersjoch fan alle stimlokalen thús.



## Tagonklikens stimlokaal

Hawwe jo fragen oer de tagonklikens fan it stimlokaal? Op [waarismijnstemlokaal.nl](http://waarismijnstemlokaal.nl) stiet hokker stimlokalen (ekstra) tagonklik binne foar bygelyks fisueel beheinden of minsken yn in rolstoel. Jo kinne dit ek neifreegje by jo gemeente.

### Wolle jo stimme yn in oare gemeente?

Dan moatte jo in kiezerspas oanfreegje. Dit kin skriftlik oant en mei moandei 3 juny 2024, of oan de baalje fan it gemeentehûs oant woansdei 5 juny 2024, 12.00 oere.



## Wannear meie jo stimme?

**Tongersdei 6 juny 2024**  
fan 7.30 oant 21.00 oere.



## Op wa kinne jo stimme?



Op de website fan de Kiesraad fine jo ynformaasje oer de politike partijen en kandidaten dy't meidogge oan de ferkiezings.

Foar de ferkiezings krije jo de kandidatelisten thús. Op de websites fan de partijen kinne jo harren plannen lêze.



## Kinne jo net sels nei it stimlokaal?

Bygelyks om't jo siik binne of mei fakânsje binne? Dan kin in oar foar jo stimme. Dit kin op twa manieren:

### Troch it jaan fan in ûnderhânske folmacht

Folge de efterkant fan jo stimpas yn. Jou jo stimpas oan de persoan dy't foar jo stimme sil. Jou dy persoan ek in kopy fan jo identiteitsbewiis mei. Dit mei ek in foto wêze op in mobile telefoan of tablet. De foto moat wol goed lêsbere wêze.



### Troch it jaan fan in skriftlike folmacht

Freegje hjirfoar it formulier oan by jo gemeente. Jo en de persoan dy't foar jo stimme sil, moatte dit formulier ynfolje. It formulier moat uterlik moandei 3 juny binnen wêze by de gemeente.



## Mear ynformaasje?

Sjoch op de website fan jo gemeente of op [elkestemtelt.nl](http://elkestemtelt.nl).

Elke **stem** telt